

DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baarm

ôfstj.:
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

Gearstalling Bestjoer

Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

foarsitter : J. Kooistra 035-6218626
+ ledeadm. Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum
e-mail: gurbe@xmsnet.nl

skriuwer : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
e-mail: kritehilversum@gmail.com

ponghâlder : J. Koopmans 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**

alg. adjunkt : W. Triemstra 035-6833889
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 101252, 1223 CZ Hilversum
e-mail: triwa@hotmail.nl

-.-

boekeferkeap : J. Conradie-Groenhof 035-6234733
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum

G. v.d. Leij-Wilbers 035-6213586
Hyacintenlaan 10, 1215 BC Hilversum

iterij : Bestellingen trochjaan oan:
Jan Kooistra, tel. 035-6218626
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)

-.-

Eareleden:

earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk

earelid: H. van Duinen, De Jouwer

Fan de foarsitter

No moat it net gekker wurde! Ik wit net oft jimme it al lêzen of heart hawwe, mar yn 2018 (!) meie neffens Europeeske feilichheidsregels de binnenfreartskippen net langer wêze as sa'n 20 meter. No hear ik jimme al sizzen: "No wat soe't, ik ha gjin wetter om hûs hinne en dus ek gjin boat. En ik bin ek gjin Noach dy't heech wetter ferwachtet!". Mar pas op, soks hat wol fan gefolgen dat in protte skûtsjes koarter makke wurde moatte. En dat kostet in slompe jild, dat net troch de kommisjes fan de skûtsjes opbrocht wurde kin. Al mei al soe it dus betsjutte dat it dien is mei it skûtsjesilen nei it jier dat wy Kulturele Haadstêd fan datselde Europa binne!

En se hawwe ús al sa'n protte ôfpakt. Omrop Fryslân as drager fan ús eigen Fryske taal is syn selsstannigens kwytrekke nei in soad hinne-en-wer gepraat en polityk geharrewar. It ljipaaisykjen is wol sà oan bannen lein, dat de boer sels hast gjin poat mear yn syn eigen lân doart te setten, wylst de ljip yn Frankryk noch altyd fongen en as delikatesse opiten wurdt.

De skieppeboeren meitsje aanst gjin skieppetsiis mear, om't de molke earst pasteurisearre wurde moat.

Skieppetsiis fan rauwe molke mei net mear, mar yn Frankryk lûke se harren der neat fan oan. It liket der dus al aardich op dat wy it allegearre mar oer ús hinne komme litte. Us fryskeigen

kultuer giet stadichoan nei de barbysjes. Wat soe der noch yn it fet sitte? Aanst mei der allinnich noch keatst wurde mei wollen plúskes yn pleats fan mei dy hurde keatsballen. Fierljeppen mei straks allinnich noch sûnder it brûken fan sa'n lange polsstôk, om't de ljeppers oars fan te heech wei nei ûnderen falle . Soks kinne wy doch net oer ús hinne komme litte?!

Lokkich binne der ek noch saken sa as Fryske boeken, Frysk toaniel en Fryske lieten en foardrachten dy't se ús net ôfpikke kinne. Sa binne wy op 2 april nei Theater Figi yn Seist west. Op útnûging fan de Fryske kriten yn Utert en Seist waard dêr de foarstelling "Feteranen" opfiert troch Freak Smink en Joop Wittermans. Tsjin wa't der net west hat, kin ik sizze dat se echt wat mist ha! It wie net allinne humoristysk, mar bytiden ek tige oandwaanlik sa't dy twa mannen de feteranen spilen mei teksten fan Bouke Oldenhof yn in regy fan Jos Thie. Wol spitich dat guon minsken yn de seal min oerwei koenen mei harren emoasje, troch op teare mominten heal lûdop folslein oerstellige opmerkingen te meitsjen oer it barren op it toaniel. Mar hawar dat sil ek wol ta de kultuer hearre.

No op nei ús lêste kritejûn fan dit winterskoft op **freed 15 april** mei in kwis û.l.f. Gerrita Otten. Oant dan!

Jan Kooistra

Nijs fan de Boeketafel

Jellie en ik hawwe beide nei oanlieding fan in histoaryske roman skreaun oer Grutte Pier. Yn 'e romans giet it om in stik skiednis fan Fryslân fan 1515 oan't 1520. Dat stikje skiednis is symboal wurden foar de Frije Friis. Us Frysk Selskip jitt net foar neat 'Frysk en Frij' te Hilversum. Dochs binne de twa boeken, it giet om *Krús fan de Hollanner* fan Ate Grypstra en *Pier. De profesy fan bline Simen* fan Willem Schoorstra ûngelyk.

Beide boeken begjinne Yn 1515, it jier dat de buorkerij fan Pier Gerlofs Donia, by ús Friezen bekend as Grutte Pier, platbrând wurdt: er is striid om Fryslân tusken Hollân en Gelre.

Beide boeken einigje yn 1520 mei de dea fan Grutte Pier. Dat binne de feiten. Ek de oerwinnings op lân en see fan Grutte Pier mei syn Arumer Heap binne feiten en stean beskreaun yn beide boeken. Dat binne de oerienkomsten.

Yn it *Krús fan de Hollanner* fine Pier syn frou Rintsje en harren soan Gerlof de dea by de brân. Dochter Wobbel bliuwt yn libben. By *Pier. De profesy fan bline Simen* is Rintsje al ferstoarn en de beide bern Gerlof en Wobbel ferstoppe harren mei de faam yn 'e boskjes en behâlde sa harren libben. Wat er echt bard is, witte wy net, wol dat de frou fan Pier Rintsje jitte en harren bern Gerlof en Wobbel. Dat is de frijheid fan de histoaryske romanskriuwer. Hy/sy brûkt de feiten fan 'e skiednis en dêrom hinne makket hy /sy in ferhaal oer hoe't wêze koe. Grypstra fertelt it ferhaal troch de eagen fan de neef fan Grutte Pier, Wyerd Jelkema dy't ek yn 'e Arumer Heap mei focht. Yn *Pier. De profesy fan bline Simen* is Schoorstra

sels de ferteller. In histoaryske roman bestiet sadwaande út feiten en fiksje. Dat is net it gefal yn in skiednisboek. Dêr giet it om de feiten. Spitich dat wy op 'e legere/basissskoalle de skiednis fan Hollân en Seelân te hearren krije. De skiednis fan Fryslân is oars mar op syn minst sa belangryk. In oanrieder op dit flak is: *Tweeduizend jaar geschiedenis van Friesland* troch Pieter Terpsra.

Jellie fûn noch in humoristysk gedicht „Grutte Pier“ út it bondeltsje *De laitsjende wierheid* fan Wibren Altena, meast fiksje. Nei dit stikje komt it gedicht. It boek *Krús fan de Hollanner* is noch te keap.

Oant sjen by de boeketafel
Jellie Conradie & Gesiena van der Leij

Grutte Pier

Hiel lang ferlyn kaam hielendal allinne Yn Kimswert gâns in earrebarre oer, Dy't dreunend sa't dy grutte dingen kinne In rûntsje ronke om de sealtektoer. Doe saaide er ôf nei Kimswerts moaie bosken

En makke in looping oer in hoekje bou. Hy hie in jonkje yn syn reade toskan En liet it los by Doeke en de frou. Earst seine de âlden 'lytse lilliputter' En op 't stedhûs wie dat ek gjin beswier. Wol sei sa'n man: 'Hy wurdt fansels aanst grutter, 't Kin no noch oars.' En doe is 't wurden: Pier.

Hy groeide slim, hoewol't syn âlden beide Noch altyd Seine: 'lytse pipernút'. Ja, it wie slim. Dat as syn mem wat breide Dan groeide Pier der ûnder 't breidzjen út. Doch kaam dat net fan levertraan of aaien. Ja, wol 'k ek leauwe. Hjoed mar net. Te fiis.

Syn meganisme dat wie wend te draaien
 Op brea mei bûter en wat griene tsiis.
 Hy hie in kop en learde gâns in bytsje.
 Hy sloech op skoalle alle klassen oer.
 En doe't syn pipa deagong nei in tydsje,
 Fuort nei syn mem, doe wie er klear foar boer.
 Hy gong mar troch mei hieltyd grutter wurden.
 Hy krige in snor en krollich bargehier.
 Gjûn burd. Syn faam dy hâlde net fan burden.
 En doe 't er klear wie wie er Grutte Pier.
 Dy grutte Pier dat wie noch ris in keardel.
 Twasânensantich op 't persoansbewiis
 En suver ûnomklamber om 'e middel.
 Dat kaam fan brea , fan bûterspul en tsiis.
 Syn hollen-ein wie as fan getten izer,
 Syn landingstastel as fan ekenhout.
 Hy brûkte in ploege as in rjochtingwizer.
 Hy doarst wat oan, dat hy is letter troud.
 Hoewol't de man fan hûs út net sa min wie,
 Fûn hy it blykber op in kear syn plicht
 Doe't er by't ploegjen wer ris in min sin hie
 En slaan in Landwacht, rang, de blinen ticht.
 Oars sljochtwei boer, dy't beantsjertiedde
 en troud wie
 Mei reade baaien himdeboel oer 't stek.
 Mar as ús float wer min of mear benaud
 wie,
 Dat koe doe noch, dan koed er farre ek.
 Dan brûsde er fuort mei seilen en soldaten
 En hong as flage in bjinder yn 'e mêst.
 En krige er dan de fijân yn 'e gaten,
 Dat koe doe noch, dan hie menhear der west.
 Dan skomme er oer de Sudersee-kontreien
 Stoer, sterk, ûnbidich oer syn see-gebiet.
 En wa't net dea woe hie him mar te mijen,
 Sa't dit no noch by ús Marine giet.
 Hy droech in slachswurd út it Frysk
 Museum,
 In battle-dress yn aqua-tint, dus griis.

Syn kruser stonk nei tar en karboleum,
 De man himself nei bûter, brea en tsiis.
 As hy dan nachts de fijân op 'e lea foel,
 Dan wie it: Pak 'm, interje, sjesa!
 En wa't dan fuort fan klear skrik net deafoel,
 Dy biet er dreunend út 'e sturhut ta:
 'No jim kanonnen mar yn 't laadsje lizze,
 Ik bin hjir de baas, elk bliuwt mar wêr't er stiet.
 Mar even bûter, brea en tsiis sizze,
 Wa't dat net kin, dy wurdt in bytsje wiet.'
 Sa waard de fijân fan de kusten reage
 Troch Pierius Magnus, Fryslâns grutste
 Fries.
 Gjûnien fan bûten hat him hjir noch weage.
 Bang as er wie fan bûter, brea en tsiis.
 Wol no de hân yn eigen boazem stekke.
 Wat is der fan ús Pieretiid noch oer?
 Us sterke float is yn 'e kachel rekke
 En mei de bjinders is it al sa'n toer.
 Wat binne wy as Pierenaren sakke,
 Wat bin' de liuwkes yn ús wapen temd.
 Fan al ús grinzen binne tsjemzen makke.
 De Piere-neiteam bûcht him no foar frjemd.
 Oerein myn folk! Wy moatte mar wer tsiere.
 Dit komt net goed. Wy reitsje fan de baan.
 Hoe kin' hjir sa noch lytse Pieren tiere.
 Dit kin sa net. Wy moatte wer wat dwaan.
 Oerein! Wy moatte as blokkadebrekkers
 Mei rûge bjinders op 'e fijân ta.
 Wy moatte as wapen wer museumstekkers,
 Us Fryslân moat syn Pieredom wer ha.
 Oerein! Al bin' de tiden wat feroare,
 Wy sette fêst de fijân ek wol klem
 As wy ús wachtwurd nei him dreune doare
 Fan: margarine, koekedaai en sjem.

Wibren Altena

--



FRYSK
 SELSKIP
 frysk
 en
 frij
 HILVERSUM

nûget jimme út op

Freed

15 april 2016

yn RK kerkcentrum

“De Waaier”

(Emmaus parochie)

Kerkelandenlaan 5

1216 RN Hilversum

BEGJIN 20:00 OERE



om mei te dwaan oan in

Fryske-Krite-Kwis

ûnder de entûsjaste lieding fan

Gerrita Otten

wie it al in grut sukses op de kritejûnen yn Seist, Utert en Hurderwyk!

It is in kwis oer Fryske taal, sport, muzyk en mear...

Der binne spulomlopen mei fragen, mei plaatsjes en mei lûdsfragminten

De teams bestean út trije of fjouwer persoanen

It lot bepaalt mei wa't jo spylje

It team dat de measte fragen goed beäntwurdet, wint de priis en Fryske rom!
 Kom as ôfsluting fan it winterskoft nei dizze kwis-jûn fol útdaging en geselligens

Fansels stean ús diskes mei Fryske boeken en iterij dizze jûn ek wer foar jimme klear

Wolle jo wis wêze dat der noch iterij foar jo te keap is,
 skilje dan even in wike tefoaren nei nûmer 035-6218626

Tagongspriis: Leden € 5,00

Net-leden € 10,00

Us kritejûn op sneon 20 febrewaris 2016

It feest wie dizze jûn yn de grutte seal fan it fersoargingshûs Zuiderheide, want dêr is in echt poadium en dat wie nedich want jûn kaam de 'Lytse Komeedzje' út Drachten mei it toanielstik 'Mâle Jan is werom'. Om sân oere begûn de seal al aardich fol te rinnen; ik seach mannich frjemde gesichten ynkommen: toaniel lûkt doch altyd wat mear oan dan in muzykjûn, tinkt my.

Mar no dan 'Mâle Jan'. Wie dy no echt sa mâl? Ik fûn fan net. De meast mâlen dat wienen trije oare spilers: de man mei in wichelroede dy't altyd mar wêr syn wichelkeunsten op it toaniel fertoande. Mar foaral ek de postrinster dy't foar't sy de post besoarge, dy earst iepen makke en lies en it nijs trochfertelde oan har help dy't de bek net ticht hâlde koe, sadat elkenien yn it doarp wist wat der barre soe, behalven dan de persoan dêr't de post foar bedoeld wie. En dat makke fansels komyske situaasjes, it mâlst fan it hiele stik, dêr't in soad om lake waard. Mar om no te sizzen dat ik it in moai toanielstik fûn: nee, beslist net. Der wie in protte gepraat, no ja gepraat, it like mear op geskreau en dêrtroch faaks ûnfersteanber, teminsten foar my (mei âlde earen!).

Mar it feit bliuwt dat de 'Lytse Komeedzje' in grutte prestaasje delsetten hat dy jûns foar ús Fryske krite: "Tige Tank".

In pear Tilles ferlyn: yn 'Nijs fan de boeketafel' hienen Gesina en Jellie in moai ferhaal oer it boek 'Pier' fan Willem Schoorstra, in nij boek en dat waard tige oanret om te lêzen. Ik ha it kocht en woe it thús foarlêze oan myn Gesina, mar dat slagge net, it wie te muoilik Frysk, mei wurden deryn dy't it útlêzen: in prachtich boek, net allinnich moai skreaun mar ek it ferhaal oer Pier, Grutte Pier út Kimsward, net te leauwen wat dêr allegearre bard is. Mar foar my is Grutte Pier net de 'Grutte Frijheidstrider' foar Fryslân sa'k altyd tocht ha. Neffens it boek wie hy besjistere fan wraak omdat binden him alles (wiif, buorkerij, fee en alles) ôfnommen hienen.

En yn dy gemoedstastân hat Pier jierren lang oan it moardzjen west: kleure as Fryske frijheidsstriid. Op it ein fan syn libben hie hy dat sels ek yn'e gaten. Lês it mar dit prachtige boek!

Johan Engwerda

Eveneminten yn Fryslân Simmer 2016

Skûtsjesilen SKS 2016

30 july	:Grou (start)
1 augustus	:De Feanhoop
2 augustus	:Earnewâld
3 augustus	:Terherne
4 augustus	:Langwar
5 augustus	:Ealahuzen
6 augustus	:Starum
8 augustus	:Wâldsein
10 augustus	:De Lemmer I
11 augustus	:De Lemmer II
12 augustus	:Snits (finale)

Skûtsjesilen IFKS 2016

13 augustus	:Hylpen
15 augustus	:Starum
16 augustus	:Heech
17 augustus	:Sleat
18 augustus	:Ychtenbrêge
19 augustus	:De Lemmer I
20 augustus	:De Lemmer II (finale)



Keatsen 2016

7 maaie	:Hilversum	- Heren 50+ // FBA alle cat (Kv "Melle Veenstra")
16 maaie	:Frjentsjer	- Bûnspartij
30 maaie-3 juny	:Harns	- Lanenkaatsen
2 july	:Straatkaatsen	- Ljouwert
3 augustus	:Frjentsjer	- PC Heren
10 augustus	:Wommels	- Freulepartij
24 augustus	:Weidum	- PC Dames



Fierljeppen 2016

2 july	:Polsbroekerdam	-Twakamp Hollân - Fryslân
30 july	:It Heidenskip	-Ned. Fierljep Manifestaasje
13 augustus	:Winsum	-Frysk Kampioenskip
24 augustus	:Drylts	-Fryslân Cup
27 augustus	:Grijpskerk	-Ned. Kampioenskip



Fytsen 2016

fan 5 july ôf	:Wolvegea	-fytsfjouwerdaagse
fan 19 july ôf	:Assen +7 oare	-Drentse Fiets4daagse
fan 18 july ôf	:Ljouwert	-âlvestêdefytsfiif(5)daagse
fan 16 aug. ôf	:Appelskea	-fytsfjouwerdaagse



Wettersport Algemien 2016

5 - 7 maaie	:Akkrum	- Reuzedei & Sinneboatrace
5 - 14 aug.	:Snits	-SneekWeek
10 augustus	:Snits	-Hurdsyldei
15 - 6 july	:Starum	-Fiskerijdagen
24 - 27 aug.	:Harns	-Fiskerijdagen
25 augustus	:Balk	-Gondelfeart
26 augustus	:Aldeboarn	-De 71ste Gondelfeart
17 - 21 oktober	:Warkum	-Fiskerijdagen, Strontrace



Oare eveneminten yn Fryslân 2016

3 o/m 7 maaie	:Ljouwert	-70ste Alvestêdekuiertocht
16 maaie	:Boalsert	-Fyts Alvestêdetocht
28 maaie	:Ljouwert	-Frysk Strjitte Festival
10 o/m 19 juny	:Skylge	-Oerol Festival
22 o/m 25 juny	:Boalsert	-Hearniedagen
29 o/m 31 july	:De Feanhoop	-65ste Feanhoopfestival
27 july	:De Jouwer	-Boerebrulloft
27 o/m 31 july	:De Jouwer	-Ballonfeesten
23 en 24 sept.	:Droegeham	-Gondelfeart op Tsjillen
22 septimber	:De Jouwer	-Joustermerke
6 oktober	:Boalsert	-Bolletongersdei



Iepenloftspullen yn 2016

Easterwierrum

“**De Geast fan Spultsjelittens**” (berne iepenloftspul). Utfieringsdata: 16 oant en mei 25 juny. De foarstellingen fine plak yn 'e Pastorietún oan 'e Dilledyk yn Easterwierrum. Ynformaasje op webside www.berneiepenloftspul.nl

Iepenloft Opsterlân

“**Lang en Lökkich**”. De foarstellingen fine plak yn it bosk fan Sparjebird op De Himrik. Regy: Wiesje Jansma. Utfieringsdata: fan woansdei 25 maaie oant en mei freed 10 juny. Ynformaasje op webside www.iepenloft-opsterlan.nl

De Tynje

“**Spetters**” (bewurking fan de film “Spetters” fan Paul Verhoeven út 1980) Utfieringsdata: 25, 27 en 28 maaie en 1 en 3 juny Regy: Atsje Lettinga. Fryske bewurking: Bouke Oldenhof. Ynformaasje op webside www.iepenloft.frl

Jorwert

“**Londen '68**” (bewurking fan de film “Made in Dagenham” fan Tracy Letts) De premjêre is op sneon 27 augustus en der wurdt spile oant en mei sneon 24 septimber. De kaartferkeap set útein op woansdei 1 juny. Bliuw op 'e hichte fia webside www.iepenloftspuljorwert.nl

Kollumersweach

“**Yn tiid werom**”, wurdt spile troch it Masquerade Theater op 1, 2, 8 en 9 july oan de Foarwei 183 te Kollumersweach. It is in spannende humoristyske detective. Skreaun troch Bianca Wiersma en Vera van Lierop. Ynformaasje op webside www.masqueradetheater.nl

Op dit stuit (begjin maart 2016) is noch net alle ynformaasje beskikber. It lêste nijs omtrint alle iepenloftspullen yn Fryslân fine jo op www.iepenloftspullen.nl

Lekker ite mei ...

Foar't wy oan it waarm miel begjinne, hâlde wy tuskentoch in tee-oerke. Dêr ite wy graach in dúmke by neffens it resept út de Libelle fan maart 1987. By de boer hold men faak in teeskofte foar melkerstiid mei tee en in beskút mei tsiis.

Nei de moarnsbrogge, kofjetafel en it middeisiten binne wy dus no ta oan it

Frysk tee-oerke

mei eigenbakte

Dúmkes

(Hazzenútkoekjes mei in tûme deryn)

Yngrediïnten

- 100 gr hazzenuten
- 150 gr bûter
- 125 gr ljochtgiele bastertsûker
- 2 aaien
- 250 gr blom
- 1 teeleppel gimberpoeier
- 1 teeleppel kaniel
- 1 ytleppel mealde anyssied
- ½ teeleppel sâlt



De hazzenuten fynhakselje. De bûter mei de sûker hiel skûmich klopje. Ien foar ien de aaien der by dwaan en der troch riere. De blom souje (= zeven) en yn parten mei de mealde hazzenuten en de krûden by it besleek skeppe. As dit net sa maklik giet, it daai beknipe. It daai in ½ oere ôfdutsen mei foly koel oan 'e kant lizze. It daai útrôlje ta in lape fan 1 sm dikte en dêr reepkes út snije fan 2 by 5 sm. De reepkes op in ynfette bakplaat lizze, yn in foarferwaarme net al te hite ûne (160°C, gasstân 2) skowe en yn 20-25 minuten goudbrún bakke. As de koekjes út de ûne komme, se daliks oan ien kant mei de tûme yndrukke. Op in roaster skowe en útdampe litte.

As it jo no in hûdfol wurk taliket, se binne op 'e kritejûn by it pûdfol te keap! 😊

Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729
e-mail: c.punter@wxs.nl

skriuwer : Hendrik Visbeek
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541
e-mail: h.t.visbeek@kpnmail.nl
websiteside: www.melleveenstra.nl

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

"It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
websiteside: www.fryskbutenfryslan.frl

"Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"


skriuwer : K. Kuipers
Willem Loadewykstrjitte 115, 8933BL Ljouwert 058-2125383
e-mail: k.kuipers1938@kpnmail.nl

OANMELDE BY IT BOUN

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit fiere te kinnen, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om Utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage.

Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it Frysk Boun om Utens. It is fergees. As jo dat wolle, moatte jo jo namme, jo e-mail adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it Frysk Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.frl



Special adres voor: Gerilde Omjickoeken

DE HAAN'S

BAKKERIJ

HOOGENDE 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

*De verste Bakker
in Sneek en
Z'n dichtbij.*

FRYSK EN FARSK
YN 'E PROVINSJE
EN EINS
TROCH IT HELE LAN
JO BINNE TE PLAK BIJ
DE HAAN'S BAKKERIJ
YN SNITS
HEECHEN IS
FUORT BY DE
WETTERPOARTE